

# Sprankeljende Fryenske oade oan Joni Mitchell

RESINSJE MUZYK

.....  
Arjan Hit

Inez Timmer hat fjirtjin klassikers opnommen van sjongeres Joni Mitchell. De wille spat der fanôf.

Nei dagen fan rein en stoarm skynit de sinne wer ris, en wylst draait *Baas giele taksy*. De muzyk en de stim fan Inez Timmer klinke as in soundtrack by de ljochtstrielen dy't troch it finster falle.

De sjongeres en musical-stjer is tige aktyf yn de teäters, mar it is alwer in skoft lyn dat sy in album útbrocht hat. Sy hie al lang yn de achterholle om ris wat mei de lieten fan Joni Mitchell te dwaan en mei help fan oersetter Eppie Dam hat se fjirtjin klassikers út it oeuvre fan de Kanadeeske singer-songwriter ferfryske en opnommen.

Mitchell is in tekstdichter fan kom-sa, kategory Leonard Cohen en Bob Dylan, it Frysk moat hjir en dêr wol even wennen. 'They paved paradise and put up a parking lot', wurdt 'Dit wie paradys, mar se



Joni Mitchell  
sjongt yn 2000 yn  
New York by it  
All-Star Tribute to  
Joni Mitchell.  
Foto: ANP

fan it bernekoar Prelude en in fjine melotron-partij troch Peter Duinker. Mar ek as sokke registers net iepenlutsen wurde, sparkolet de muzyk. It lûd is organysk en libben, krekt lykas op de platen út de begjin jierren fan Joni sels.

*Baas giele taksy* wurdt ôfsletten mei in ferrassend stevich rockende ferzje fan Woodstock, Joni har relaas oer it legindaryske festival dat ûnder oaren ek troch Crosby, Stills, Nash & Young en Matthews Southern Comfort opnommen is. Timmer rêdt har der skoan mei, in moaie oanfoling op dy eardere fariiaasjes.

Skilder Anne Feddema fersoarge it omslach, in mearkeseftege nachttún fol kleuren. Stylfol, moaier en djipper as in plaatsje fan in giele taksy, ek in boppeslach.

de wurden hielendal eigen. De sjongen en spylwille spatte der fanôf en oer it nivo fan de lieten sels hoege we it net iens te hawwen. *Blue* wurdt 'Blau', *A case of you* 'In fet fan dij' en de evergreen *Both sides now* klinkt yn it Frysk fan Inez en Eppie as 'Alles sjoen'.

Yn 'Alles sjoen' hearst it strykkwartet Regina Forte, en dizze gearwurking liedt ta ien fan de hichtepunten fan it album. Ek in útsjitter is 'Sir-kelgong' (*The circle game*) mei stipe



**Baas giele taksy.**

Inez Timmer,

[www.baasgieletak-sy.nl](http://www.baasgieletak-sy.nl)

walsten alles plat', foar ûnder oaren in 'McDonald's frytkot'. It lit mar even sjen hoe dreech oft it is en set soks naturel oer sûnder bokkesprongen. Hokker Fries seit no 'frytkot' tsjin in papathok? Mar foar it meast rinne de teksten as hiene se altyd bedoeld west om yn it Frysk te sjongen, lykas it prachrige, lange *Coyote*.

Timmer sjongt linich, se hat net de rikkerige djippte fan Mitchell sels, mar in folle stim en se makket har